

WURDGRAMMATIKA

in bondel leksikale stúdzjes

besoarge troch

Siebren Dyk
en
Germen de Haan

Fryske Akademy, Ljouwert 1988

Utjûn by gelegenheid fan it
50-jierrich bestean fan de Fryske Akademy.

De etymology fan *klúnje*

Frits van der Kuip

Summary

In this article I discuss the Frisian words klúnje and klune. These words have a very specific meaning, which is why we find the loanword klunen in Dutch rather than some indigenous equivalent. Its etymology has been the subject of several studies; however, in my view with unsatisfactory results.

I will start out by postulating some hypothetical words. Assuming a semantic development made acceptable by analogy, I will demonstrate that words can be found in various languages and dialects that resemble these hypothetical words. I conclude that the Frisian words klúnje and klune are less unique in form than has been argued elsewhere.

1.

Sûnt de Alvestêdetochten fan 1985 en 1986 is it Nederlânsk troch de ynfloed fan de media ferrike mei it frisisme *klunen*. Soks jout it Frysk status en taal-propagandisten moed. Ommers, it Fryske wurd *klúnje* liket yn syn hjoeddeiske betsjutting 'mei redens ûnder oer it lân gean' unyk te wizen. Mar it is noch mar de fraach hoe unyk de foarm is. Oer de etymology is al earder skreaun, mar der wurde yn myn eagen gjin befredigjende oplossingen jûn.

Stapelkamp (1954) jout as earste in ferklearring fan it wurd *klúnje*. By de 18e-ieuske dichter Althuysen komt er de útdrukking *op 't harte kluynje* tsjin. Dy set er oer mei 'op het hart trappen, diep leed doen'. Hy hat as útgongspunt dat yn it Frysk ea in wurd bestien hawwe moat mei de betsjutting 'turf meitsje, klyn baggelje' en wiist op it âlde Saanske *kluinen* (= 'klien trekken, derrie baggeren . . . Het woord is thans geheel onbekend'. Boekenooogen, 460), op it Nedersaksyske *kluun* (= 'in soarte fan turf') en op it Fr. W. (1903) dat njonken de betsjutting 'mei redens ûnder oer it lân gean' ek de betsjutting 'troch modder en slyk wâdzje' jout. Stapelkamp syn tinkstappen geane dan sa: om-

dat klyn opbaggele wurdt, koe maklik de betsjutting 'troch modder en slyk wâdzje' ûntstean. De stap fan dat wâdzjen nei it op in rûge wize earne op traapjen is dan in lytsenien. Dat de betsjutting 'mei redens ûnder oer it lân rinne' dan wer in spesjalisearing fan dat rûge traapjen is, is fierder foar Stapelkamp net fan belang omdat it him yn earste ynstânsje gyng om de ferklearing fan *klúnje* mei de betsjutting 'traapje'.

Buma (1985) jout in parafraze fan Stapelkamp en as taheakke 'in stik' Pokorny dêr't de lêzer allinne út leart dat *klúnje* in grûnwurd *klún* hân hawwe moat, dat dat **klún* bekinde sibben hat as *klute*, *kloat*, *klonte*, *kleaune*, *klau* en *klyn*, dy't allegearre befliapt wurde kinne ûnder de yndogermaanske woartel *gel-* (= 'klútsje, klonterje; rûn of kûgelfoarmich ding') (Pokorny, 1959, 357).

Tamminga (1985) sjocht 'traapje' ek as primêre betsjutting fan *klúnje* en as bewiis jout er Fr.W (1903) en foarbylden út de Súdwesthoeke, dêr't û.o. it wurd *útklúnje* yn de betsjutting 'stikken traapje (fan in sleatswâl)' brûkt wurdt. Sjoen de betsjutting 'traapje' mei fan Tamminga *klúnje* net yn ferbân brocht wurde mei it Nederlânske *kleunen* (=klopje, slaan): '(. . .) Klune is út in hiel oar nêst bret (. . .)'. Spitigernôch seit er net hokker. Troch it jaan fan allinne Fryske foarbylden liket er ymplisyt te ponearjen dat *klúnje* bûten Fryslân gjin wjergaders hat.

De troch Stapelkamp ûnderstelde semantyske ûntjouwing liket akseptabel, ek lûdwettich (*kluin/klún-*) binne der gjin beswieren. En dochs ha ik myn twiivels, fral oer de oergong fan 'wâdzjen troch wiete klyn' nei 'gean oer hurd-befערzen grûn fan watfoar grûnsoarte dan ek'. Fierders is it spitich dat Stapelkamp al te wis it Saansk wurdboek as bewiismateriaal brûkt hat. Boekenoo-gen basearret him foar *kluienen* op mar ien 17de-ieusk sitaat en heakket dêr oan ta: '(. . .) Misschien is cluinen een schrijffout voor clyenen, doch vgl. Geld. kluin in den zin van klien (. . .)' (Boekenoogen, 460).

Ek hie Stapelkamp op grûn fan it Nedersaksyske *kluun* likegoed in grûnbetsjutting postulearje kind dy't mear mei de foarm (sjoch 3) as mei de substânsje te krijen hat. Fierders fyn ik it basearjen op it-Fr.W. (1903) oan de meagere kant. Fia kartoteek I fan it Wurdboek fan de Fryske Taal (W.F.T.) ha ik de betsjutting 'troch modder en slyk wâdzje' allinne noch fûn yn it hân-skrift *Lexicon Frisicum A* (s. 349) fan J.H. Halbertsma. As in mooglike etymologyske ferklearing foeget Halbertsma ta: '(. . .) Van klún of klijn (. . .)'.

Yn it neifolgjende sil ik neigean oft *klúnje* mei in oare grûnbetsjutting yn ferbân brocht wurde kin, en oft yn dat gefal der in wat akseptabeler semantyske ûntjouwing ûndersteld wurde kin.

2.

Klúnje hat twa njonkenfoarmen, *klune* en *klúnderje*. *Klúnje* is de âldste foarm. It earste belisplak dat ik fûn ha fia kartoteek I fan it Wurdboek fan de Fryske Taal (WFT), is út 1847: '(. . .) Sa scil hit nû nawt mear friese, det wy

ûnder brigen en tillen troch kenne, end as ma sa hieltyd klúnje mat, den ken ma sín best nawt dwaen (. . .)' (Iduna, 1847, s. 28).

Klune komt earst om 1940 hinne foar: '(. . .) Hja (jeie) oant it hillige Bartlehiem ta . . . de feintsjes, ntl. oare riders as *hja*, binne by de wâl opklúnd en yn in herberchje fordwoun (. . .)' (L. Brotsma, Tjitte Winia (1941), s.84. *Klune* soe in direkte ôflieding fan it Nederlânske *kleunen* wêze kinne (ferg. N. *honing*, *heuning*/ Frysk *huning*), mar omdat *klúnje* âldere papieren hat as *klune*, liket dat net botte wierskynlik.

Klúnderje is in frekwintatyf njonken *klúnje*. D-ynfoeging is net ûngebrûklik yn de kontekst 'n — er' (Tiersma, 1979, s. 125-129). It wurd is frij seldsum. It komt foar as opjefte fan G.W. Postma dy't it om 1940 hinne fan in âld man yn Feanwâlden heard hat en yn in oantekening fan E. Halbertsma yn in eksimplaar fan Kiliaen syn *Etymologicum Teutonicae Linguae* (PB Ljouwert) (a. 1858): '(. . .) Earne bij op kluunderje — dus stijgen (. . .)'.

Klúnje c.s. falt op te dielen yn 5 betsjuttingsskiften:

- a. mei redens ûnder oer it lân gean,
- b. knoffelich reedride,
- c. knoffelich rinne,
- d. wâdzje, traapje,
- e. klotse, mei leven (earne) tsjin(inoar) oan slaan (sein fan weagen), of: wyld bewege.

Zantema (1984) jout skift a., b., en c., Fr.W. (1956) skift a. en b. Fr.W. (1903) jout njonken skift a. ek in betsjutting 'troch modder en slyk wâdzje', dy't hjirboppe op it aljemint kommen is by Stapelkamp en Tamminga en dy't by skift d. ûnder te bringen is.

Neffens Tamminga (1973) (s. 108) wurdt yn de Súdwesthoeke *klúnje* ek algemien brûkt foar 'wâdzje, traapje'. Skift e. komt mar ien kear yn de kartooteek fan it WFT foar: '(. . .) Den rôllet, weaget, dûnet/ En skommet wjillet en klunet/ It wetter. Dammen en peallen,/ Se kreune oer 't klotskjend meallen/ Fen de wylde, greate sé (. . .)' (R. v.d. Sluijs, Sljucht en rjucht (1910), s. 149). Ik ha hjirboppe al oanjûn dat dit sitaat mear as ien ynterpretaasje talit. Ik kin net útmeitsje wat de krekte is. Skift a. oant en mei d. hawwe in beweging yn, itsij in relatyf muoisume (a.), itsij in lompe, ûnhandige (b.,c.), itsij in rûge (d.). Dy bewegingen binne allegearre net floeiend en dêrom sil ik se tenei mei-inoar behannelje. Skift e. soe oan de iene kant beflapt wurde kinne ûnder dat net floeiend gean en oan de oare kant wat mear fan in lûd yn hawwe kinne. Ik sil it dêrom apart behannelje.

3.

Skift a. o/m d. kin ferklearre wurde mei help fan in hypotetysk substantyf **klún* dat de betsjutting 'lomp persoan' hawwe kinne soe. Dat it muoisume, lompe of rûge gean dat *klúnje* útdrukt, dêrút ûntstien wêze kinne soe, kin oan-

nimlik makke wurde troch de ferliking mei it substantyf *kloatsek* (= 'ûnhandich persoan'). Dêrnjonken stiet nammentlik it ferbum *kloatsekje* dat in ûnhandige wize fan gean útdrukt.

Yn ferskate talen en dialekten komme wy foarmen mei de betsjutting 'lomp, ûnhandich persoan' tsjin dy't sjoen wurde kinne as wjergader fan it hypotetyske substantyf **klún*. It súdnederlânsk hat it wurd *kloon* (WNT, VII, ii, 4280) dat njonken it seldsume en âldere Nederlânske wurd *kleun* (ibid., 3944) stiet (ferl. it Nederlânske *zoon/zeun* of it middelnederlânske *clonen/cluenen*). Beide wurden betsjutte 'lomp persoan'. Fierders hat it Yslânsk it wurd *klunni* mei de betsjutting 'ûnhandich persoan' (Bödvarsson, 341). It Ingelske wurd *clown* dat earst yn de 16e ieu foarkomt en dêr't in lomp persoan mei oantsjut wurdt, wurdt de oarsprong fan socht yn it Noardfrysk en/of it Noardgermaanske taalgebiet (Skeat, 116; Onions, 183). Lûdwettich binne dêr gjin bewieren tsjin (ferl. Frysk *tún, brún*, Dútsk *Zaun, braun*, Ingelsk *town, brown*).

It hypotetyske substantyf **klún* mei de ûnderstelde betsjutting 'lomp persoan' soe ûntstien wêze kinne út in oarspronklike betsjutting dy't rûchwei te beflappen falt ûnder de omskriuwing 'kûgelfoarmich ding' of 'blok, hompe, foarmleaze massa fan in stof'. Gâns wurden mei dy oarspronklike betsjutting kinne ek in oantsjutting wêze foar 'in grou of lomp, ûnhandich persoan'. Sa is it yn Nederlânske dialekten (Grinslânsk en Sieusk) foarkommende wurd *kloen* njonken 'in kleaune jern, tou ensfh.' ek in oantsjutting foar 'in dom en ûnhandich persoan' (Ter Laan, 410; Ghijsen, 450; WNT, VII, ii, 4195-4196). It yn Nederlânske dialekten (Grinslânsk en Sieusk) foarkommende wurd *kloet* hat njonken de betsjutting 'brok ierde, klute' ek de betsjutting 'grou fanke' (Ter Laan, 4405) of 'lompert' (Ghijsen, 450; Van Dale, II, 1372). Yn it Frysk komt *klute* ek foar mei de betsjutting 'grou fanke' (J.H. Halbertsma, *Lexicon Frisicum B.* s. 268).

In wat spesifikere betsjutting njonken de hjirboppe ûnderstelde oarspronklike soe 'houtblok' wêze kinne. Dat in stik *hout* in persoan, en dan yn ûngeunstige sin (!), wurde kin, lit Buma (1958) sjen. As foarbylden jout er û.o. de Fryske wurden *bongel, houtsje, knevel* en de Nederlânske wurden *bengel, knuppel* en *vlegel*. It hoecht jin dan ek gjin nij te dwaan dat út de betsjutting 'houtblok' de betsjutting 'lomp persoan' ûntstean kin. Dy ûntjouwring sjogge wy by de troch Buma (1958) jûne Latynske wurden *stipes* en *truncus*, by it Nederlânske wurd *klos* (WNT, VII, ii, 4370, 4376) en it Fryske wurd *klomp* (Fr. W. (1956)). Fierders kin noch wiisd wurde op it Noarske substantyf *klundra* (= 'stobbe, houtblok') dêr't it ferbum *klundre* (= 'ûnhandich rinne, lomp, wurkje') njonken stiet (Falk & Torp, I, 538).

Yn ferskate talen en dialekten komme wy foarmen mei niisneamde betsjuttingen tsjin dy't sjoen wurde kinne as wjergader fan it hypotetyske substantyf **klún*. It súdnederlânsk hat it al earder neamde wurd *kloon* mei de betsjutting 'klomp, houtene skoech' (WNT, VII, ii, 4280) dy't maklik werom te lieden is

op de betsjutting 'houtblok'. It Nedersaksysk hat in wurd *kluun* mei de betsjutting 'lange, rûne turf' (ibid., 4415) dy't maklik werom te lieden is op de betsjutting 'kûgelfoarmich ding' of 'hompe'. Yn it Noardfrysk komt it wurd *klün* foar mei de betsjutting 'knots' (Mungard, 111). It Angelsaksysk hat it wurd *clyne* mei de betsjutting 'foarmleaze massa, blok, hompe, metaalklompe' (Clark Hall, 58).

By skift e. ha ik twa ynterpretaasjes jûn. At de twadde ynterpretaasje, 'wyld bewege', de krekte is, dan kin skift e. mei skift a. o/m d. ûnder itselde beflapt wurde. Alle betsjuttingsskiften hawwe dan in beweging yn dy't net floeiend is. At de earste ynterpretaasje, 'klotse, mei leven slaan (fan weagen)', de krekte is, dan soe skift e. ferklearre wurde kinne mei help fan in hypotetysk ferbum **klúnje* dat de betsjutting 'leven meitsje' hawwe kinne soe en dat wer ôflaat wêze kinne soe fan it hypotetyske substantyf **klún* mei de betsjutting 'houtblok'. Dy stap kin oanfmlik makke wurde troch de ferliking mei it Nederlânske substantyf *klos* en it Fryske *klos(se)*. Dy wurden, dy't de betsjutting 'houtblok' hawwe, hawwe njonken harren de ferba *klossen* resp. *klosse* stean mei de betsjutting 'leven meitsje by it rinnen of gean'. It Fryske *klosse* hat ek noch de betsjutting 'spikerje, timmerje'.

Yn ferskate talen en dialekten komme wy foarmen tsjin mei de betsjuttingen dy't rûchwei te beflappen binne ûnder de omskriuwing 'leven meitsje' en dy't sjoen wurde kinne as wjergader fan it hypotetyske ferbum **klúnje*. Sa komt yn it Angelsaksysk it ferbum *clynn* mei de betsjutting 'klinke' foar (Clark Hall, 58). It âldfrysk hat it ferbum *klinna* mei de betsjutting 'klinke'.¹ Yn it middelnederlânsk komme wy de ferba *clonen* en *cluenen* en yn it Nederlânsk it ferbum *kleunen* tsjin mei de betsjutting '(klinkende) slaggen jaan, (mei leven) slaan' (MNW, III, 1575-1576; WNT, VII, ii, 3945). It Sieusk hat nêst *kleunen* it frekwintatyf *klunderen*, beide yn de betsjutting 'klopje' (Ghijssen, 453). Dat frekwintatyf komt ek foar yn it Eastfrysk en Grinslânsk as *klundern* en dan yn de betsjutting 'leven meitsje by it rinnen' (Doornkaat Koolman II, 287; Ter Laan, 411). Yn it Grinslânsk komt *klundern* ek noch foar mei de betsjutting 'spikerje'.² Wat fierder fan de betsjutting 'leven meitsje' ôfstiet de betsjutting 'kletse, babbetje', dy't it ferbum *klönen* yn it Noard- en Eastfrysk en Platdútsk hat (Jensen, 277; Doornkaat Koolman II, 277; Sass, 40) (ferl. it Nederlânske ferbum *klappen*).

4.

It Fryske wurd *klúnje* mei dan yn syn hjoeddeiske betsjutting unyk wêze en syn wjergaders net hawwe, yn syn foarm is it by neier ynsjen minder apart. Postulearret men hypotetyske wurden mei mear foar de hân lizzende betsjuttingen as earder dien is en dêr't it hjoeddeiske *klúnje* út ôflaat wurde kinne soe, dan kin men fan Seelân oant yn Noardfryslân, ja yn Skandinavië ta, sub-

stantiven en ferba fine dy't as fierdere ûntwikkelingen fan dy postulaten sjoen wurde kinne.

Noaten

- Op it âldfryske *klinna* bin ik kommen fia De Vries (1971) dy't it brûkt by de ferklearing fan *kleunen*. *Klinna* komt yn de folgjende omt tekst foar: '(. . .) Thre geldene pennengar . . . scelen alsa stor wesa, thet ma se hera mughe ouer niogen feke huses jnna eine leflene clinna (. . .)' (Buma & Ebeling, 1967, s. 28); '(. . .) Thre geldene pennengar . . . skelen alsa stor wesa, thet ma se hera mughe ur niugen feke huses ina ene leflene clinne (. . .)' (Id., 1969, s. 32).
- It ferbum *klunderje* mei de betsjutting 'spikerje troch immen dy't dat net handiget' is frij seldsum yn it Frysk. It liket fan de Wâldkant te kommen en ik tink dat it in lienwurd út it Grinslânsk is. It is ferklearre troch H. Heidinga yn it *Folkskundich Jierboek* (1970) (s. 119) en brûkt troch J.J. Spahr v.d. Hoek: '(. . .) Wie der noch gjin toer, dan liet men al gau de biwurklike koer-ein yn wêzen en bigoun oan 'e oare kant to klunderjen (. . .)' (Yn: *It Heitelân* (1946), s. 219).

Bibliografy

- Bödvarsson, A. (1963): *Islenzk ordabok*. Reykjavik.
- Boekenoogen, G.J. (s.j.): *De Zaanse volkstaal*. Leiden.
- Buma, W.J. (1958): De hund yn 'e Iemsgoaër boeten, *Us Wurk* 7, 25-32.
- Buma, W.J. (1985): 'Klúnje', *Frysk en Frij*, 27-4-1985.
- Buma, W.J. & W. Ebeling (1967): *Das Emsiger Recht*. Göttingen.
- Buma, W.J. & W. Ebeling (1969): *Das Hunsigoer Recht*. Göttingen.
- Clark Hall, J.R. (1898): *A concise anglo-saxon dictionary*. London-New York.
- Doornkaat Koolman, J. ten (1965): *Wörterbuch der Ostfriesischen Sprache. Zweiter Band. H-püt-water*. Norden. (2e printinge).
- Falk, H.S. & A. Torp, (1960): *Norwegisches-Dänisches etymologisches Wörterbuch. Erster Teil: A-O*. Oslo-Bergen. (2e printinge).
- Fr. W. (1903) = W. Dijkstra: *Friesch woordenboek (Lexicon Frisicum). Tweede deel. I-P*. Leeuwarden.
- Fr. W. (1956) = H.S. Buwalda, G. Meerburg & Y. Poortinga: *Frysk wurdboek. Foarste diel: Frysk-Nederlânsk*. Bolswert.
- Ghijsen, H.C.M. (1964): *Woordenboek der Zeeuwse dialecten*. Den Haag.
- Halbertsma, J.H. (a. 1869): *Lexicon Frisicum A, B*. Ljouwert, hânskrift PB Fryslân.
- Jensen, P. (1927): *Wörterbuch der nordfriesischen Sprache der Wiedinghard*. Neumünster.
- Laan, K. ter (1960): *Nieuw Groninger woordenboek*. Groningen-Djakarta. (2e printinge).
- Middelnederlandsch woordenboek* (MNW).
- Mungard, N. (1974): *Ein inselnordfriesisches Wörterbuch*. Westerland. (2e printinge).
- Onions, C.T. e.o. (1966): *The Oxford dictionary of English etymology*. Oxford.
- Pokorny, J. (1959): *Indogermanisches etymologisches Wörterbuch*. Bern.
- Sass, J. (1957): *Kleines plattdeutsches Wörterbuch*. Hamburg.
- Skeat, W.W. (1958): *An etymological dictionary of the English language*. Oxford. (2e printinge).
- Stapelkamp, C. (1954): 'Kluynje', *Us Wurk* 3, 46-47.
- Tamminga, D.A. (1973): *Op 'e taelhelling II*. Boalsert.
- Tamminga, D.A. (1985): 'Klune, klúnje en gjin ein', *Leeuwarder Courant*, 1-3-1985.
- Tiersma, P.M. (1979): *Aspects of the phonology of Frisian*. As: *Meidielingen fan de stúdzjerjochting Frysk oande Frije Universiteit yn Amsterdam* 4.
- Van Dale. *Groot woordenboek der Nederlandse taal*. Utrecht-Antwerpen. 1984.
- Vries, J. de (1971): *Nederlands etymologisch woordenboek*. Leiden.
- Woordenboek der Nederlandsche taal* (WNT).